



Moasje

Nûmer :

Titel : Romte foar ûndernimmen yn de kearnen fan De Fryske Marren

Agindapunt :

Ûnderwerp : Moasje frjemd horeka en detailhannel 2021

De rie fan de gemeente De Fryske Marren yn gearkomste byelkoar d.d. 3 maart 2021.

Konstatearret dat:

- Toerisme, rekreaasje, horeka en detailhannel wichtige ekonomyske sektoren binne yn de gemeente De Fryske Marren. Om de belangen fan dizze sektoren te tsjinjen freegje wy fan it kolleezje van boargemaster en wethâlders in oanpast en soepel belied te fieren ûnder de hjoeddeiske, bûtengewoane (korona)omstannichheden werfan ûndernimmers neidiel ha;

Is fan miening dat:

- De oardeltermienskap noch net foarby is. Dat horeka en detailhannel gjin optimale gastfrijheit biede kinne;

Freget it kolleezje:

- Om mei kreatyf belied mar ûnder it foldwaan oan de regels ûndernimmers yn alle ridlikens temjitte te kommen en harren optimaal te tsjinjen en de sektor, ek yn it gemeentlik belang, te stypjen, freegje wy it kolleezje de folgjende punten te oerwaagjen:
 - Frijstelling fan prekarijochten yn 2021;
 - Iepeningstiden ferromje, ek wat de terrassen oanbelanget (bygelyks oant 01.00 oere). Dit yn oerlis mei bedriuwen en ynwenners yn de omjwing;
 - Tydlike oerkapping fan terrassen nei oerlis mei buorren en bedriuwen ta te stean;
 - Gearwurking fan horeka en detailhannel te stimulearjen en terrassen sanedich te yntegrearjen;
 - Wurk yn sintrumgebieten earder út te fieren of út te stellen om oerlêst yn it heechseizoen te beheinen;
 - Tydlike terrasferromming ta te stean en sanedich en sa mooglik oant de iepenbiere romte út te wreidzjen. Dat jildt ek foar oangrinzjende hiemen, túnen en perselen. Wêr as dat kin sûnder oerlêst te jaan it diels autofrij meitsjen van sintrumstrjitten;
 - Sadré it wer tastien is optimale meiwurking te ferlienen oan fergunningen (lûd, ferljochting, optredens, eveneminten ensafh);
 - It brûken fan wc-weinen troch ûndernimmers ta te stean ûnder de betinkst dat de weinen troch harren sels skjin makke en ûnderhâlden wurde;
 - Ynformaasjepanelen pleatst wurde yn sintrums en by it wetter om gasten te wizen op maategels. Dizze ynformaasje moat ek dúdlik wêze foar minsken dy'y net maklik lêze;
 - Yn it hanthavenjen troch plysje en BOA's yn it earst warskôgje boppe beboetsje giet;

Dizze punten drage by om de gastfrijheit heech yn it findel te hâlden en de lokale ekonomy te stypjen;

En giet oer ta de oarder fan de dei.

Namme: Albert van Keimpema
Fraksje: VVD
Hântekening:

Namme: Gerda de Vries,
Fraksje: FNP-fraksje.
Hântekening: